



Skriuwe yn Styl lesplannen, antwurden en evaluaasje

 hogeschool  Meertaligheid en Geletterdheid	
Lesplan De sjoernalist	
Aktiviteit	Trije skriuwoefeningen om skriuwtechniken oan te learen.
Doel	Algemien: Skriuwen ferbetterje, gefoel foar styl en gearhing krije. Les 1: De oandacht lûke mei in titel. Les 2: Rekken hâlde mei dyn lêzers. Les 3: Sfearfol ferheljend skriuwe. Ferdjipping: Oanlearde techniken werkenne. Opsje foar differinsjaasje.
Leeftyd	10-12 jier
Tiidsdoer	30 minuten de les, totaal 120 minuten.
Ark	Skrift, pinne, de lessen sels en romte om in moai skriuwplakje op te sykjen.
Wurkfoarm	Yntroduksje en ferkenne is klassikaal. Learlingen wurkje yn groepkes oan de útlis en de opdracht. Besprekke en ôfslute is wer klassikaal.
Trochgeande learline	Skriuwstyl oanleare dogge je ien kear, en ferfolgens kinne je by skriuwoefeningen maklik nei de techniken ferwize troch de byhearrende poster. By de lessesearje heart in Taalrûnte as oanfoljende skriuwoefening.
Trochgeande lêslie	De taal yn de útlis is dreger as wat learlingen wend binne, mar de opdrachten binne ienfâldich. It is weardefol om learlingen oan te wizen dy't in stikje foarlêze. Op dy manier wenne se oan it Frysk wurdblyd en dogge se wurdskat op. De learlingen reitsje wend oan ynstruktive Fryske faktaal. It ûnderdiel 'Ferdjipping' giet oer de reseptive feardichheid, dus it werkennen fan de techniken yn in besteande tekst.

Antwurden en evaluaasje

Les 1: Knappe kop

Ferkenne

By de ferkenning binne der gjin ferkearde antwurden. Mooglik wol ûndersteande oanfollingen.

1: De titel seit al in protte oer it type tekst. De earste kop is in net ôfmakke sin. Dat ropt de fraach op hoe't it fierder giet. De measte nijsartikels jouwe wat mear ynformaasje yn de titel. Dan wit de lêzer wêr't it oer giet. Troch dat gebrek oan ynformaasje kinst sjen dat it net om in ynformative tekst giet.

2: De twadde is oerdreaun formulearre. Dat komt troch de bewurdig 'Hiel Fryslân'. Sa'n sterke stelling ropt wol de fraach op: wêrom dan?

By “Hiel Fryslân moat oan de brokkoly” mist kontekst, mar it is net de hiele kop, inkeld de ûndertitel. Lit learlingen riede wêr’t it artikel oer giet. Jou de hiele titel derby. Boppe de ûndertitel stie: ‘Dochs ôfnimmer foar 10.000 kilo griente fûn.’ Is no dúdlik wêr’t it artikel oer giet? De titel jout oan dat der mear nîjs west hat oer de brokkoly, troch it wurd ‘Dochs’.

Opdracht

Lit learlingen earst mei inoar útfine wat se goed en sterk fine. It giet net sasear om wat se betocht hawwe, mar oer hoe’t se der mei inoar oer neitinke. Dan kinst noch in pear útljochtsje.

Kinst de opdracht werhelje troch in oar ûnderwerp te kiezen. De titel kin nammentlik sterk ôfhingje fan watst kiest as bêste drinken. Dan kinst tinke oan kleur, smaak, sûnens, mûlgefoel of merk om yn de titel te brûken. Jou learlingen dan by de opdracht ien eigenskip mei om te ferwurkjen yn de titel.

Foarbylden:

Dit moastst echt priuwe! → Gebrûk fan útropteken.

It sûnste drinken is... → Ynhâldlik.

Bubbels boppe? → In fraach stelle.

Les 2: Publyskriuwe

Ferkenne

By de ferkenning binne der gjin ferkearde antwurden. Mooglik wol ûndersteande oanfolling.

De sinnen drage deselde ynformaasje, mar foar ferskillend publyk. Deselde ynformaasje kin op wol tsien ferskillende manieren sein wurde. 1 is offisjeel, 2 is freonskiplik. Tink oan: driuwend, netsjes, beleefd, plat, brutaal. Lit mûnige learlingen mar in foarset dwaan foar in oare styl.

Opdracht

Alle betochte persoanen binne goed, al kinst kontrolearje oft de persoanen realistysk binne. Kenst ien dy’t derop liket? Benammen de lêste fraach is moai om klassikaal te bepraten. It ûnderwerp fan de tekst kin feroarje as dyn publyk oars is. Foar 65+ hoechst net oer energydrank te skriuwen. Foar in poppe is molke it bêste drinken. Foar in sporter feroaret dyn artikel ek. Lit learlingen neitinke oer ferskillende persoanen en harren foarkar. Wichtich is dat se harren ynlibje.

Les 3: Sintugen

Ferkenne

By de ferkenning binne der gjin ferkearde antwurden. Wichtich is dat antwurden motivearre wurde.

Bygelyks:

De persoan is binnen, want der is in trep.

De persoan is mei syn mem.

De persoanen binne bang, want harren hert bûnzet.

De persoanen wurde socht, want se sitte yn in ferstopplak.

De sintugen dy’t brûkt wurde, binne: fiele (earms om him hinne), hearre (swiere fuotstappen) en rûke (waarme hûd).

Opdrachten

Alle útfieringen binne ferskillend. Lit der in pear foarlêze oan de ein. Jou learlingen fan tefoaren in opdracht om de sintugen te turven. Praat ek noch efkes nei. Wie it apart om te skriuwen watst sjochst, hearst, rûkst en fielt? Hokker sintúch wie it dreechst? Tinkst dat sintúchlik skriuwen dy helpe kin om makliker op gong te kommen mei it skriuwen? Makket it elke tekst better of is it net altyd geskikt? Kinst ek tefolle sintugen brûke? Fansels jildt foar alles: Brûk it mei mate. In ferhaal fol mei allinnich mar beskriuwings hat gjin faasje, mar eltse tekst kin wol ien sintúchlike sin brûke.

Ferdjipping

Opdrachten

- A. Plaatsje 1: Ropt in fraach op: wat is der bard? Plaatsje 2: It wurd 'Master' lûkt oandacht. Plaatsje 3: Lûkt net de oandacht, is puer ynhâldlik. Plaatsje 4: CAPS LOCK is oerdreaun. Plaatsje 5: It wurd 'WEIRDEST' is oerdreaun, en de foto is út in opfallende hoeke makke. Plaatsje 6: Byld ropt fraach op hoe't it proses gie, haadlettergebrûk en 'tips tricks and..'
- B. 1: folwoeksen fulkaanfolgers, 2: keunstners yn oplieding, 3: âlden fan pjutten, 4: studinten, 5: minsken fan alle leeftiden dy't harren ferfele, 6: folwoeksen minsken mei in tún of plantekas.
- C. 1: Sjen, hearre en rûke fan de fulkaan, 2: sjen, fiele en heare fan de pinne, 3: sjen en fiele fan de sniebal, 4: sjen en priuwe, 5: sjen, klaustrofobysk fiele, rûke? (húske), 6: sjen, fiele (pitsjes op de hân) en priuwe. Op film kinst gjin reuk of smaak trochjaan, mar kinst it wol toane, lykas by it skriuwen.
- D. Filmke 2, 4 en 6 krije in nije titel. Betingsten: Koarter, ynhâldlik en opfallend.

Eftergrûn

It jaan fan in titel oan dyn tekst is net allinnich foar de lêzer noflik. Titels en tuskenkoppen biede ek hâldfêst om de makrostruktuer fan de tekst yn de achterholle te hâlden by it skriuwen. It jaan fan tuskenkoppen oan dyn alinea's tidens it skriuwen, al is it mar tydlik, ferbetteret de gearhing fan de tekst. It kin in hulpmiddel wêze foar learlingen om in dúdlike logysk opboude tekst te skriuwen.

Itselde jildt foar publykskriuwe. As learlingen witte foar wa't se skriuwe, wurdt de tekst persoanliker en doelmjittiger. It is tige oan te rieden om skriuwoopdrachten yn de bêdzjen yn echte situaasjes sadat de teksten ek echt by de doelgroep terjochte komme. Skriuwe foar in echt publyk fergruttet de motivaasje by learlingen om der in moaie tekst fan te meitsjen.

Mear mei sjoernalistyk

De algemiene skriuwtechniken hawwe in sjoernalistjaske krigen om de gearhing tusken techniken oan te jaan. Sa binne der mear tapassingen fan sjoernalistyk: de aktualiteit behannelje, in muorkrante meitsje, in ynterview hâlde. Mar der is nóch in handige eigenskip fan sjoernalistyk dy't faak fergetten wurdt: it past by ûndersykjend learen yn maatskiplike kontekst. Sels ûnderfine en dokumintearje binne middels by útstek om wat te ûnthâlden. Lit learlingen der as *reporter* op útgean om in artikel te meitsjen. Betink in aksje/temawike foar de skoalle en lit learlingen de poster meitsje. Sjoernalistyk is oeral en kinst fakoerstiigjend ynsette sadatst by oare fakken ek in bytsje oan skriuwûnderwiis dochst. Dus wês kreatyf en meitsje gebrûk fan de mooglikheden.

Feedback jaan op de lessere De sjoernalist kin mei de link:

<https://www.surveio.com/survey/d/I9E2Z7Y2C6G9C9S6E>

Lesplan De dichter

Aktiviteit	Trije skriuwoefeningen om skriuwtechniken oan te learen.
Doel	Algemien: Skriuwen ferbetterje, gefoel foar styl en gearing krije. Les 1: Grammatika funksjoneel ynsette. Les 2: Leare om libbene bylden te brûken. Les 3: Koart formulearje. Ferdjipping: Oanlearde techniken werkenne. Opsje foar differinsjaasje.
Leeftyd	10-12 jier
Tiidsdoer	30 minuten de les, totaal 120 minuten.
Ark	Skrift, pinne, in lêsboek foar eltse learling, de lessen sels en it gedicht fan Elske Kampen (De bondel <i>Dit is it gedicht</i> derby brûke is it moaist!).
Wurkfoarm	Yntroduksje en ferkenne is klassikaal. Learlingen wurkje yn groepkes oan de útlis en de opdracht. Besprekke en ôfslute is wer klassikaal.
Trochgeande learline	Skriuwstyl oanleare dogge je ien kear, en ferfolgens kinne je by skriuwoefeningen maklik nei de techniken ferwize troch de byhearrende poster. By de lessesearje heart in Taalrûnte as oanfoljende skriuwoefening.
Trochgeande lêslíne	De taal yn de útlis is dreger as wat learlingen wend binne, mar de opdrachten binne ienfâldich. It is weardefol om learlingen oan te wizen dy't in stikje foarlêze. Op dy manier wenne se oan it Frysk wurdblyd en dogge se wurdskat op. De learlingen reitsje wend oan ynstruktive Fryske faktaal. It opsjonele ûnderdiel 'Ferdjipping' giet oer de reseptive feardichheid, dus it werkenne fan de techniken yn in besteande tekst.

Antwurden en evaluaasje

Les 1: Skikke

Ferkenne

By de ferkenning binne der gjin ferkearde antwurden. Mooglik wol ûndersteande oanfollingen.

1: alle trije sinnen binne op deselde wize opboud. Se begjinne alle trije sels mei itselde wurd.

2: de sinnen begjinne en einigje hieltyd mei in oar sinsdiel. It effekt fan ôfwikseling is dat de tekst better lêsbêr wurdt.

Opdracht

De sin fan fjouwer wurden kin op 6 ferskillende manieren:

Ik stean hjir no

Ik stean no hjir → bepalingen fan tiid en plak binne frij om te wikseljen fan posysje.

Hjir stean ik no

No stean ik hjir

Hjir no stean ik → foar de persoansfoarm is plak foar mar ien sinsdiel.

Stean ik no hjir? → sa wurdt it in fraach.

Stean ik hjir no?

Stean hjir ik no? → de persoansfoarm en it ûnderwerp moatte neist inoar stean (yn in haadsin).

It effekt fan foaroppleatsing fan plak- of tiidsbepalingen is dat dy de neidruk krije en in feroaring ferûnderstelle. Watst belangryk fynst en neidruk of spanning jaan wolst, kinst foaroppleatse. De betsjutting fan de sin kin dus bûten de fraachsinn om ek feroarje troch it skikken.

Les 2: Metonymy

Ferkenne

By de ferkenning binne der gjin ferkearde antwurden. Mooglik wol ûndersteande oanfollingen.

Op it fytserek stiet dat de fyts dêr stald wurde kin. Mar der stiet eins: fytsers dy't hjir delkomme, fyts net gau troch, mar kom efkes by ús oan foar in drankje. It is in útnûging. De tekst wurket as reklame foar de restauraasje. Fierder seit de tekst fansels ek: hjir kinst Frysk prate.

Opdracht

Alle antwurden binne goed. As de útfiering dreech ferrint, kinst de opdrachten omdraaie troch earst in foarwerp yn de klasse oan te wizen en dan in minsklike eigenskip derby betinke te litten: De klok, de ferwaarming, it boerd, de lampe. Jou se mar hantsjes, eachjes en mûlen. Dêr mei wol in bytsje yn stjoerd wurde om de ferbylding op gong te helpen. De opdracht kin klassikaal besprutsen wurde sadat learlingen dy't itselde foarwerp keazen hawwe inoar oanfolje kinne.

Les 3: Skrasse

Ferkenne

By de ferkenning binne der gjin ferkearde antwurden.

Wat it bêste is, is subjektyf, mar de measten sille foar sin 4 kieze. Dat is de koartste sin dy't dochs alle ynformaasje befettet. By sin 5 falt de kontekst fuort dat it om in sin, dus in skriuwtip, giet. Sin 3 is objektyf like goed as sin 4, it is krekt wat je de moaiste en meast effektive bewurding fine.

Opdrachten

Alle útfieringen binne ferskillend. Lit der in pear foardrage en priizje de techniken dy't goed gean. Kinst de gedichten ek útwikselje litte en troch inoar fan feedback foarsjen litte.

Ferdjipping

Opdrachten

- Strofe 1: It gedicht 'bjint', 'krast', 'skuort' 'jout werom' en 'skjirret'. De muorre hat in 'neaken liif'.
Strofe 2: It gedicht 'yt', 'byt', 'smyt' en 'slacht'. De 'eigenwize wjirm' en de 'brave bondels'.
Strofe 3: It gedicht 'jout romte', 'stjert', 'springt' en 'fynt'.
- Alle antwurden binne ferkillend. Lit der in pear foarlêze.
- Ien reden is de klam dy't 'krast' krije moat yn it ritme fan de rigel. In oare reden is de klank fan de wurden. By âlde en koarsten komt it a-lûd achter inoar werom. By it Nederlânsk hast net itselde lûd yn beide wurden, dus is derfoar keazen om it k-lûd weromkomme te litten.
- De maklikste wurden om fuort te heljen binne bynwurden en lidwurden, dus 'en' en 'de' en 'it'. It is nijsgjirrich om te freegjen wa't oare wurden fuorthelle hat. Bygelyks 'syn'.

Eftergrûn

Mei de skikoefening binne se net allinnich oan it lêzen en skriuwen, mar ek op in funksjoneel nivo mei grammatika dwaande. Troch de sin yn ferskillende folchoardes te setten, binne se automatysk redekundich oan it ûntleden en krije se gefoel foar wat byinoar heart. Resultaat sjochst yn de skriften werom. Ferfolgens kinst by eltse skriuwoefening ferwize nei de skiktechnyk en de oefening op oare foarbyldsinnen werhelje.

De metonymia wurdt benammen yn gedichten brûkt, maar beheint har net ta poëzij. Yn de retoarika wurket it hiel sterk. It is leuk om der ris in bekende taspraak of reklame by te pakken en te sjen hoe't dy technyk tapast wurdt en wat it effekt derfan is op it publyk. It leart dy skerp te wêzen op stylgrepen en kritysk nei te tinken oer wat der krekt sein wurdt.

Mear mei poëzij

De algemiene skriuwtechniken hawwe in dichtersjaske krigen om de gearhing tusken techniken oan te jaan. Sa binne der mear tapassingen fan poëzij: de aktualiteit behannelje, filosofeare (www.inspirerendmeertaligonderwijs.nl projekt Tink dy Tûk), foardracht oefenje (FeRstivalbondels). Mar der is noch in handige eigenskip fan poëzij dy't faak fergetten wurdt: it bliuwt better hingjen as proaza. Rym en metrum binne middels by útstek om wat te ûnthâlden. Lit learlingen ris in gedichtsje meitsje oer de learstof. Meitsje in lietsje op in besteande melody en sjong it mei-inoar, of hingje it op de húskedoar. Poëzij is gjin apart ûnderdiel der't je tiid foar frijmeitsje moatte. It is in middel dat je by tûk gebrûk in soad dûbel wurk besparret. Dus wês kreatyf en meitsje gebrûk fan de mooglikheden.

Feedback jaan op de lesserige De dichter kin mei de link:
<https://www.surveio.com/survey/d/I9E2Z7Y2C6G9C9S6E>